



# Kiddie

(Kiddie Kiddie Kiddie)



Ienakter fan  
**HANS PIJPERS**

Fryske oersetting fan  
**Siep Jorna**

**TOONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## **VOORWAARDEN**

Alle amateurverenigingen die het stuk: **KIDDIE – KIDDIE KIDDIE KIDDIE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **HANS PIJPERS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2007 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet:** [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

**E-mail:** [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **12** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**


**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,**  
**Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.**  
**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**


## **PERSOANEN:**

Kitty / Carolien  
Fertelster  
Braudster  
Bel  
Einepykje  
Ferliedster  
Barclay  
Michael (ferpleger)  
Eva (ferpleechster)  
Heit  
Psychiater  
Prof. Dr. Erik van het Veldt

## **DEKOR:**

Keale romte mei swarte doeken. Hjir en dêr wat strûken.  
Efter in abstrakt hûzen en gebouwenkompleks, makke fan latten.  
It is yn dielen yninoar te setten en útelkoar te heljen. (sjoch tekening)  
Stuollen, de nûmre sitplakken fan de “pasjinten”, sjoch it skema.  
Rinrûte, oanjûn mei de letters A, B, C en D.  
Foar Fertelster en Bel, sjoch skema.





Cad - tekening: G.Euser



**Fertelster mei har poppebern.**  
Op 'e foto: **Marijke Sijthof (amateur-aktrice)**

Persoansbeskriuwing fan ‘e “pasjinten”. (“alter” neamd)

**1 Kitty: (Carolien)** In vrou mei styl. Giet donker klaait. Draacht har kapsel, ek donker, sa, dat de iene helte foar har each sit en de oare helte net. (the white side en de dark side) Har fingers binne foar in diel oan ‘e boppekant en binnenkant “ynbrând”. Der binne ek “groeden”te sjen op har skonken. (Dit jild foar alle pasjinten)

**2 Fertelster:** Sjocht der wat slonzich út. Draacht in wide jurk of rok en in wiid fest. Rint op bleate fuotten. Se is in “folwoeksen bern alter”.

**3 Breidster:** Is in vrou dy’t sa goed breidzje kin, dat se net nei har wark hoecht te sjen. Sy bepaalt, breidet de patroanen... Se sjocht allinne mar foar har út en praat súnder ek mar op of om te sjen. Foar har leit allegearre breidwurk. Bygelyks in hiele lange sjaal.

**4 Bel:** Is in man of in vrou. Rint fan de iene sydkant nei de oare sydkant fan it toaniel. “Bellet”, ien kear oan, draait him om, om nei de oare kant te rinnen en oan te beljen. Dit herhellet him hieltyd. Sjocht der wurch en ferwaarleaze út.

**5 Einepykje:** Is in iensume, tryst sjende vrou. Hâldt de earms om har lichem slein. Krekt oft se it kåld hat. Se hat, ferburgen, in lyts read “bebloed” popke by har. Har hannen binne ek read, mar binne net te sjen.

**6 Ferliedster:** Is in “hoer alter”. Giet seksy klaait. Is bot opmakke. Makket har no en dan op, sa, dat it spyljen net fersteurt wurdt. Ek net as se stiet of rint en har “klanten” opwachtet.

**7 Barclay:** Is keatlingsmoker. Draacht in jurk mei koarte mouwen. Har fingers binne oan ‘e boppekant en binnenkant swart sminke. Sa, dat it liket, dat de fingers “ynbrând” binne. (se fielt neat) Op har earms en skonken hat se “brânplakken” en “groeden”. Dit is dûdlik te sjen. Se praat net, mar makket mei har lichemstaal dûdlik dat se in fjoerke ha wol, foar har sigaret, dy’t mar net baarne wol.

**8 Eva:** Ferpleechster. (alter)

**9 Michael:** Ferpleger. (alter)

**Heit:** De grutste hufter dy’t der mar bestiet...

De oare persoanen, sprekke fansels...

De “pasjinten” hawwe allegearre in pop by har, of drage in diel fan in masker, makke fan it gesicht fan Kitty (Carolien). Dit om it publyk dúdlik te meitsjen, dat it hjir om ien persoan giet.

*(Ha jo in better idee? Dwaan! Fine jo it net nedich? Ek goed!)*

It spyljen fan dizze ienakter freget soberheid, yntegriteit en oprjochte earlikheid.

## KIDDIE

Tsjuster toaniel. Lûd fan in helikopter. Sykljocht. Hjir en dêr steane wat strûkjes. Kitty (Carolien) is ynienen sichtber. Sy hat in pop en in bear by har. Kitty sjocht eangstich omheech yn it ljocht op. Neist har stiet Erik, klaait yn it wyt, mei dêr oerhinne in jas. Erik jout yn it sykljocht oan, dat er Kitty fûn hat. **Blackout** Of diffús ljocht. Lûd fan helikopter ferdwynt stadich.

### (Oasterske of Afrikaanske stam) Muzyk

(wannear it toaniel tsjuster of diffús is en de muzyk ynset is, rinne de “pasjinten” mei har stuollen en har nedichheden nei it plak neffens it skema (sjoch by dekor. Wyls wurde de strûkjes werom de kûlissen yn treaun of lutsen)

(spotljocht op it buordsje “Wachtkamer”, midden boppe efterside en op it bankje dêr ûnder. Kitty komt op mei in kofferke, in pop en in bear. Se nimt twifeljent plak op it bankje, ûnder it buordsje “Wachtkamer”. Der folget in “lange” stilte. Dan komt de dokter, Erik, in yn it wyt klaaide psychiater. Is tige hertlik en freonlik)

Erik: Ah, dêr biste. (jout Kitty in hân) Hallo. Erik van het Veldt. Sis mar Erik. Us earste moeting, hé? Spannend? (Kitty knikt) Foar my ek hear. (lêst fan it plankje mei gegevens) Carolien Boursin de Vries. Prachtige namme, Carolien, wier...

Kitty: Sorry, mar jo binne mis, hear. Jo binne ferkeard ynformearre. Ik bin Kitty. Kitty bin ik...

Erik: O... dan haw ik it net goed lêzen, tink. Kitty dus... Jaja... ek in hiele moaie namme, dochs? Ik sil derom tinke, Kitty. Oke? (syn mobyltsje giet en hy nimt op) Sorry. Efkes... mei Erik? Wat is deroan? Dat kin net. Ik ha in pasjint. Der is dochs noch wol immen oars op ‘e ôfdieling? Net? Jan ek net? Mm. Watte? Hâldt yn betwang, ik kom deroan! (mobyl in ‘e bûse) In min begin, Carolien, Kitty. Wolsto noch efkes wachtsje? Der is in needsituasje. Do begrypst wol wat ik bedoel, hé? Dat silst sels ek wol meimakke ha. Wolst dat dwaan? Tink mar fêst oan itjingje wêrt wy it oer ha sille. Oke? Ik bin sa werom. In pear minútsjes. En net fuortgean hear, oke? (Kitty knikt. De dokter ôf. Kitty giet wer sitten. Sa, dat de donkere side goed te sjen is fanút de seal. Se stoareaget foar har út. Yn in oare spot ferskynt het gesicht fan de heit)

Heit: (*ropt*) Hé, kom dan. Heit wachtet. Komst? (*spot op heit út. Spot op heit wer oan*) Wêr bliuwst dan, ferdomde rotslet! Wêr biste? Ik wachtsje, witst wol! Ik wachtsje! (*spot op heit út. De beljochting set Kitty's gesicht, wyls de muzyk spilet en fierder it hiele stik, yn in diffuze spot. Dérnei set de beljochting alle "pasjinten" yn in wat apart ljocht. Fertelster widzet fan foar nei efteren op har stoel. Neist har sit har pop op de oare stoel. Dérûnder leit in bear. De muzyk nimt ôf*)

Fertelster: (*tsjin de pop*) Lokkich hat Kitty sein dat se Kitty is. Tsjin dy nije dokter. Erik ja, wêr wy op wachtsje moatte. Hé? Kitty? Dat is dochs ús sammelnamme? Omdat wy mei safolle binne. Dat witst dochs? En omdat wy mei safolle binne, is Kitty ús wurdvierster. Dat binne wy dochs ôfpraat mei elkoar? Omdat dat better is. Wy kinne dochs net allegearre tagelyk prate tsjin dy dokter? Wat seiste? Dat is troch Sara kaam, ús suske. Troch noch in hiel soad oare dingen ek, mar mei Sara is it begûn. Mm? No, as wy destiids yn ús bêd pissen en Sara ek, want dy pissem ek faak yn har bêd, dan moasten wy nei in oare sliepseal. Wat seist? Dat wie yn it tehûs. (*stilte*) Do witst dochs dat Sara en ik yn in tehûs sieten. Dat wy dat moasten fan heit, omdat hy fjochtsjen gong yn it "frjemdlingelegioen". Om it marsjearen te learen en sa. En minsken te deadzjen. Dat haw ik dy al sa faak ferteld. Dochs? As wy dus yn ús bêd pissen, no, dan moasten wy nei in oare sliepseal. En dêr wiene nog in hiele soad bern dy 't faak yn har bêd pissen. En dat wie hiel ferfelend, hear. Ja, want dan krigest straf. Dan moasten wy ús hielendal útklaaie en dan waarden wy nei bûten stjoerd. Al wie it ek hiel min waar. Wy moasten nei bûten. Hielendal bleat. Dat wy op in soart fan binnenplak. En dan kriegen wy amers kåld wetter mei en dan moasten wy ús earst waskje. As wie dan klear wiene, dan moasten wy ûnder in stienkâlde dûs. Mar foardat wy ûnder de dûs moasten, kriegen wy earst straf. Dan kaam de direktrise. Wy hiene san hekel oan dat minske... En as se dan kaam, hé, dan hie se in hiele grutte kneppel by har. Echt wier. In kneppel. In hiele grutte, fan ikehout. En dêr sloech se ús mei. Oeral. Wêrt se ús mar reitsje koe. En dat die sa sear... Wy raasden en gûlden... (*fertelster gûlt súntsjes*) En omdat wy hieltyd wer yn ús bêd pissen, kriegen wy ek mar in hiel lyts bytsje te drinken. (*wiist oan*) San lyts bytsje deis... (*bout it súntsjes gûlen op nei bliid*) Mar witst wat wy dan diene? Foaral simmers diene wy dat, dan naaiden wy stikem út. Dan klommen wy troch it rût, de klompen yn 'e hân... Want wy rûnen dêr op klompen. Mm? Dat moast dêre.. foar de hygiëne... Dan draafden wy nei de sleat efter it tehûs. Jaha, of nei de fiver. En dan skepten wy ús klompen fol mei sleatswetter. Dan diene wy ús bûsdoek deroer hinne en dan sûgen wy it wetter sa op. Troch dy bûsdoek. En dan dronken

wy, jong. Dan dronken wy... Mar de oare deis pissem wy fansels wer yn ús bêd... (*fertelster falt wer werom nei tryst*) Mar witste wat it slimste wie? It aller slimste wie, dat se myn suske by my weihellen. De direktrise kaam deryn mei in mynhear en sei dat Sara mei moast. En dat ik allinne yn it tehûs bliuwe moast. Allinne! En ik ha har noait wer sjoen. (*fertelster is no hiel fertrietlik en pakt har pop, dy se tsjin har oan drukt*) Noait wer...

Breidster: Do leagenst! Se wie hielendal net yn dat tehûs. Do wiest der allinne. En do hast har sjoen. Doe se noch hiel lyts wie. Of net soms?

Fertelster: Dat is net wier!

Breidster: Net wier?

Fertelster: Ik wol der net oer prate. Dat kin ik net. Dat witst ek wol...

Breidster: Hâld dy der dan stil oer!

Fertelster: (*se knikt, noch hieltyd gûlerich, dat sy it net mear dwaan sil.*

*Stilte*) Wat seiste? Oan wat aardichs tinke? No, dan moat ik wol efkes hiel bot neitinke hear. (*hersteld har en bout op nei in aardich oantinken*) O jaaa... Dat wie hiel aardich. It wie op in hiel waarme simmerdei. Wy wiene te kuierjen. Ynienen kriegen we sin oan in iisko. Wy rûnen nei in restaurantsje. Hiel gesellich wie it dêr. Reiddutsen en sa. Der sieten minskens bûten op it terras, yn 'e sinne, mei in gleske fris, of wat oars. Der sieten dêr ek in pear skilders. Dat koest wol sjen oan har wite overals, dêr't oeral ferve ynsiet. Grien, giel en ek read. En ek op de hannen. Op har hannen ek. Allegearre ferve. Se wienent wat oan it bekommen, tink ik en dronken in bierke. Der wie ien, in blonde jonge, dy hie it boppeliif bleat. In hiele knappe jonge. En hy hie in tatoeaazje op 'e earm. Dat seachst daliks, want soks falt op, no? It wie in... eh... in tiger. Ja, dat wie it. In tiger. Mei hiele skerpe felle eagen. It wie krekt as se dy oanseagen, dy eagen... En ik tocht: goh, wol lekker, sa heal bleat yn 'e sinne. En nimmen dy't der wat fan sei. Elts fûn it normaal. Dus diene wy dat ek, it boppeliif bleat. Ja, echt wier. Mar doe begonnen se ynienen allegearre te laitsjen, dy minskens... En ik begrypte der neat fan. Echt wier, ik begrypte der neat fan... En doe kaam de ober en dy sei dat dit net koe. En as wy ús mar wer oanklaacie woene. (*laitsjend*) Wy hienen der wier gjin erch yn en ynienen sei Ferliedster...

Ferliedster: Wy sitte yn ús bleate titten, joh! (*giert it út*) Wy sitte yn ús bleate titten...

Fertelster: (*slop fan it laitsjen*) Wy sitte yn ús bleate titten... (*allegearre slop fan 't laitsjen*) Ja, echt wier... (*imitearret Ferliedster*) Wy sitte yn ús bleate titten, joh... (*laket har oan triennen. Dan fielt Fertelster ynienen dat de pop yn 'e broek pissem hat. Allegearre binne no stil. Tsjin de pop*) Do bist wiet. Do hast yn 'e broek pissem. Do hast wer yn

'e broek pisse! (se giet ynienen stean. Hâldt de pop ferstopjend tsjin har oan en sjocht om har hinne) Nee, wês mar net bang. Do krigest net mei de kneppel. Ik sil neat sizze. (as alles "feilich" is, leit se de pop op 'e stoel en docht it broekje út. Se giet op 'e knibbels sitten en spuit yn het fest dat se draacht oer har wide jurk of rok en "wasket" de pop) Sa, lekker, hé? Efkes waskje. O, wat lekker. O, wat lekker, Mm, wat lekker. Sa, no dyn broekje wer oan... no bist wer klear. (Fertelster set de pop wer op har stoel en giet sels ek sitten. Sjocht grutsk nei de pop) O, wat bist moai. Wat bisto moai. Hast it kåld? (se docht har fest út en slacht it om de pop. Se set de pop op har skurte en drukt de pop tegen haar aan) Sille wy te kuierjen? Goed. (Fertelster giet stean en hâldt de pop ûnhandich tsjin har liif. Sjocht mei in ferdwaasde blik rjochting seal. Rint mei de pop nei A. Bliuwt efkes stean, sjocht om har hinne en rint nei B. Bliuwt wer efkes stean en rint nei C. Dan nei Breidster. Tsjin Breidster) Ik sil te kuierjen mei myn bern. (stilte. It "ferpleegjend personiel" sjocht sa no en dan efkes op nei de "pasjinten". Se lit de pop op de grûn glydzje en rint nei C. Bliuwt efkes stean en "bemerket" dat de pop der net is. Rint nei B. Nei A. Rint it selde paad wer werom en siket. Sjocht de pop by Breidster en pakt de pop lilk op) Wêr siest no? Sjit op! (rint nei de stoel en set de pop wyld op 'e stoel. Giet sels ek sitten) Mislik bern, do moatst harkje! Harkje moaste! (stilte) Wêrom seist no neat, hé? (stilte) Goed, hâldt dy dan mar stil. Nee, no hoecht it net mear. Nee, nee, gean mar fuort! (pakt de pop en smyt dy foar har op 'e grûn) Gean fuort, ha 'k dy sein! (giet wer sitten) Wolst ophâlde mei dat gejank? (stilte) Hâld op, sis ik! (se giet stean en stampet poerlilk op de pop) Hâldt dy de kop, rotbern. Hâld dy de kop! Kop hâlde! Kop hâlde! Kop hâlde! (stilte) O, dat soe 'k sizze. Sa is it goed. (pakt de pop op en giet wer sitten) Sa is it goed. Stil wêze is goed. Oars wurdt it pang. Dat wist dochs. Neat sizze. (breidster slacht/tikket in oantal kear mei de breidpriemen op elkoar. In metronoom nimt it getik oer. Fertelster heart dit en pakt fluch de pop op en stoppet dizze ûnder de stoel) Fuort do en dy stil hâlde. Net mei dy. Stil! Ssst! (Fertelster giet fluch wer sitten en stoareaget foar har út. It ljocht nimt ôf nei diffús en set Fertelster yn in spot. As it ljocht ôfnimt, prate alle pasjinten, ek it "ferpleegjend personiel", tagelyk as in koar. Súntsjes, mar yntringend)

Pasjinten: Psychiater, psychiater, psychiater, psychiater ensfh. ensfh. (de psychiater komt op yn in wite jas, mei in al rinnende metronoom, dy't stadich tikket. It "koar" is wer stil)

Psychiater: Soa, do sitst der al hielendal klear foar, sjoch ik. Do witst it sa njonkenlytsen wol, hé, grutte faam. Do bist in hiele grutte faam,

hear. In *hiele grutte faam*. Harkje mar nei de klok en konsintrearje dy mar. Moai sa, konsintrearje dy mar. Doch de eachjes mar ticht. Moai sa. Moai sa. Konsintrearje, konsintrearje. Djip. En djipper. En djipper. Konsintrearje. En djipper en djipper en djipper. Sis no mar in fiis wurd. Ik sil dy sizze hokker. Ik flústerje it yn dyn ear. (*docht dit*) Sis it mar. Fan my meist it sizze. Ik sis it net, mar do moatst it sizze. Sis it mar, hear. Sis it mar. (*Fertelster beweecht har mûle, mar is net te ferstean*) Sis it mar. (*Fertelster is wer net te ferstean*) Lûder. Sis it mar lûder. (*wyls de psychiater trochgiet mei freegjen, komt it “koar” wer yn aksje*) Sis it Lûder! Sis it mar! Sis it, sis it... (*de psychiater biuwt trochgean en it “koar” giet mei yn de kadâns fan de psychiater*)

Pasjinten: Sis it, sis it, sis it, sis it, sis it (ensfh.)

Fertelster: (*hat it hiel swier, mar raast it dan úteinlik út*) NEUKEN! (of in oar wurd)

## BLACKOUT

(*en it Ijocht is wer as foarhinne. De psychiater is ôf en Fertelster hat har pop al wer op ‘e skurte*)

Fertelster: "Moai sa", sei de dokter. "Goed dien". En wy wienen sa grutsk Sa bliid mei al dy komplimintsjes, joh. Breidster, dy't alle patroanen breidet. En Bel fansels, dy't altyd help freget as dat nedich is. As er ien kear bellet, dan is der neat oan 'e hân. Haw ik dy dat al ferteld? Mar as er twa kear bellet, dan...

Breidster: Dan neat!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en  
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**